

# Hero Brinkman nei Ljouwert



Foto ANP

9 mei, 2012 - 09:34

Ald-PVV'er Hero Brinkman komt nei in politike jûn yn Ljouwert. Kommende freed sil er sprekke yn **Café Jefferson** yn Ljouwert, op in byienkomst fan de stifting Jongeren en Polityk Fryslân. Brinkman gie út de PVV om yn de Twadde Keamer fierder te gean mei syn ienmansfraksje OBP, de Onafhankelijke Burger Partij.

Ien fan de ûnderwerpen freed yn Ljouwert is it idee om in jongerepartij binnen de OBP op te rjochtsjen. Dat slagge Brinkman by de PVV earder net.

## Brinkman: Fries heech op list



12 mei, 2012 - 10:26

Hero Brinkman hat in Fries op it each dy't in heech plak krije sil op de kandidatelyst fan syn nije Onafhankelijke Burger Partij OBP. Om wa't it giet, wol Brinkman noch net sizze. De âld-PVV-dissident wie freedtejûn yn Ljouwert op útnoeging fan Stifting Jongeren en Polityk Fryslân. Yn **kafee Jefferson** fertelde hy alfêst oer syn plannen.

Sa wol Brinkman Provinsjale Steaten en it Wetterskip ôfskaffe. Dy bestjoerslagen binne neffens him klearebare jildfergriemerij.